

Preek oer Iepenbiering 5,6,7 (Frjentsjer, 16 maaie 2010: It Hearrenfean, 20 maaie 2012)

Lieteboek 235 (moarns)
Tuskentiden 152
L Iepb.5
Ps.68:6b7a,10
T Iepb.5,6,7
Ps.96:4,5,6
Ges.70 (jûns)
Lieteboek 281

Gemeente fan 'e Heare Jezus,

“In wolk naam Him wei út har eachweid”. Dat soe in moaie lêste sin wêze foar in boek oer it libben fan Jezus. It like der noch efkes op dat it min betoare soe mei de held fan it ferhaal. Want de glânzjende karriêre fan dy timmermanssoan út Nazaret wurde ynienen ôfbrutsen, doe't Er oan it krús spikere wurde. Mar gelokkich wie it boek doe noch net út. Der folge noch in haadstik. En dêryn kaam alles wer op 'e poaten del. Want de man, dêr't hjir op ierde gjin plak foar wie, mocht yn 'e himel delhúzje. Doe't minsken Him bûten de doar setten, die God de doar foar Him iepen. In wolk naam Him wei út har eachweid en Hy libbe noch lang en gelokkich.

Mar it evangeelje is dochs net allinnich it boek oer Jezus' libben, mar ek oer ús libben. Dêrom dikerren dy Galileeërs ek nei de himel. Hy libbe noch lang en gelokkich. Mar wy dan? It is krekt oft it publyk fan in toanielfoarstelling yn 'e seal sitten bliuwt, wylst it doek al lang sakke is. Sy bliuwe mar nei dat tichte gerdyn sjen, omdat se in twadde útkomst ferwachten. De Joaden dy't Jezus begekke hienen doe't Er oan it krús hinge, hienen ûngelyk krigen: “Oaren hat Er rêden, lit Him no Himsels rêde!” (Lk.23,35). It wie krekt oarsom: Himsels hat er rêden, lit Hy no ús rêde. Dêrom fregen se Him: “Hear, sille Jo yn dizze tiid foar Israel it keninkryk wer ynstelle?” Mar fan syn antwurd wurden se net safolle wizer. Safolle wie al dúdlik: as God syn ûnthjit oan Israël al neikomt, dan no noch net. Hy wie noch net útsprutsen of Hy wurde al opnaam. “In wolk naam Him wei út har eachweid”. Twa toanielfeinten yn wite klean moannen it publyk om de seal te ferlitten.

Tink jo no ris yn dat achter it toanielgerdyn ek in poadium stean soe en achter dat poadium in orkestbak en achter dy orkestbak in seal mei tûzenen sitplakken. As wienen der twa skouboargen yn spiegelbyld tsjininoar oanboud. It iennichste dat beide skouboargen mei-inoar diele is it gerdyn. It iene publyk sjocht tsjin 'e foarkant fan it gerdyn oan, it oare publyk sjocht tsjin 'e achterkant fan it gerdyn oan. Mar in lyts hoartsje giet it gerdyn iepen. It publyk

oan 'e iene kant sjocht de haadrolspiler ôfgean, it publyk oan 'e oare kant sjocht him opkommen. Dat is wat der yn ús tekst bart. Yn it ferhaal fan Himelfeart, sa't Lukas it beskreaun hat, sjogge wy de Heare Jezus fan it toaniel ferdwinen. Yn it ferhaal fan Himelfeart, sa't Jehannes it beskreaun hat, sjogge we de Heare Jezus ferskinen. As sieten je yn in gigantysk reuzerêd. Earst sjogge je fol spanning nei boppe. Mar begjint it rêd te draaien, dan sjogge je, foar't je der erch yn hawwe, fol spanning nei ûnderen.

Jawis: fol spanning. It publyk oan dizze kant fan it gerdyn sjocht strak ta, hoe't Jezus stadich mar wis ferdwynt. Mar it publyk oan 'e oare kant fan it gerdyn sjocht strak ta, oft der stadich mar wis al ien ferskynt. Want oan dy kant is it toaniel noch leech.

It is krekt oft it no earst ta de oanwêzigen dêr troch begjint troch te kringen. Want yn Iepenbiering 4 wie it noch in fleurich spul. Sjoch ris, dêr stie in troan op it poadium en dêr siet Ien op. Harkje ris, dêr wie in orkestbak en dêr sieten guons yn: fjouwer dieren en twa kear tolve âlderlingen. Dy fjouwer dieren stûnen foar de hiele skepping en dy twa kear tolve âlderlingen foar de tsjerke fan it âlde en it nije ferbûn. Ut 'e orkestbak riisde it lûd fan sjongen op: "Hillich, hillich, hillich is God de Hear, de Almachtige, dy't is en dy't wie en dy't komt", songen de fjouwer dieren. "Jo komt it ta, ús Hear en God, dat Jo lof en eare en macht tabrocht wurdt, want Jo hawwe alles skepen, troch jo wil is it skepen en ta wêzen kommen", songen de twa kear tolve âlderlingen.

Mar dan ynienen rôp in sterke ingel it út: "Wa komt it ta om de boekrôle iepen te meitsjen en de segels derfan te ferbrekken?" In sterke ingel, mei in lûd as fan in kanon. Dat wie ek wol nedich, want syn lûd moast oeral heard wurde: yn 'e himel en op 'e ierde, troch libbenen en deaden. Hy boldere: "Jimme, skepsels, sjonge wol fan 'e Skepper, dy 't it takomt en ûntfang de lof en de eare en de macht, mar wa fan jimme komt it ta en meitsje dy boekrol iepen?" Doe wurde it stadichoan stil yn 'e orkestbak. Sjongers en spylmannen seagen op út har psalmboekjes en seagen nei de rjochterhân fan Him dy't op 'e troane siet. Dêr lei in boekrol op. As op in tebledsje. Mar nimmen kaam nei foarren: gjin ingel, gjin minske, gjin libbene, gjin deade. Ek de alderhillichste deaden: Henoeh, Abraham, Mozes en Elia, stutsen gjin finger út. Net ien yn 'e himel of op 'e ierde of ûnder de ierde koe de boekrol iepenmeitsje en dêr yn sjen. "Ik moast der tige om skrieme", seit Jehannes.

Blykber wie it fan libbensbelang dat dy boekrol iepenmakke wurde. Blykber stie dêr yn hoe't it mei alles fierder moast, mei de ierde en mei de himel, mei jo en mei my. Soe dy boekrol in sluten boek bliuwe, dan kaam it nea wer ynoarder. Dan siet de skiednis foar altiten yn it slot.

Dochs is dat frjemd. Immen hat dy boekrol dochs folskreaun? Je meie dochs oannimme dat Hy dy't op 'e troane siet wol wist wat dêr yn stie? Mar wat Hy ek fan doel wie, Hy wie blykber net fan doel en fier syn plannen sels út. Yn 'e toanielwrâld is soks gâns normaal. De iene skriuwt it skript, de oare fiert it út. Mar giet dat yn it echte libben ek sa: de Iene (mei in Haadletter) skriuwt it skript, de oare (mei in lytsje letter) fiert it út?

Blykber al. Wy wite dat eins ek wol. Want doe't God de wrâld makke hie, wie de wrâld wol goed, mar net dien. Dêrfoar hie God de minske skepen. Him hie God master makke oer de wurken fan syn hannen, him alles ûnder de fuotten lein: skiep en kij, dy allegearre, allyksa de dieren fan it fjild, de fûgels yn 'e loft, de fisken yn 'e see, dy't har paad nimme troch it wetter (Ps.8,7-9). Ek de minske sels wie goed, mar net dien. Troch de goede kar te meitsjen tusken it goede en it tsjoede, soe hy de folsleinens berikke (Gen.2,17).

“Wa komt it ta en meitsje de boekrôle iepen en ferbrek har segels?” It is de echo fan 'e opdracht dy't God yn it begjin oan de minske jûn hie. Neat gjin nijs dus. Jo soenen de finger opstekke kinne moatte: “Ja, ikke”. Ik haw fiif jier yn Rijswijk wenne. Elke dei kaam ik dêr by in boerd fan 'e Folle Evangeelje Gemeente del. “God ropt jo!”, stie dêr op. Sy binne der faaks wat mear oan wend as wy dat der dan minsken opsteane en nei foarren komme. Mar as God jo ropt ta datjinge dêr't je al lang ta roppen wienen, hâldt ek Mozes him stil. Kaam it ek him, oan wa't Gods wurden tabetroud wienen, net ta en iepenje de boekrol en sjoch dy yn? Wa dan al?

“De Heare sjocht fan 'e himel del op 'e minsken, oft der ek ien is, dy't syn ferstân brûkt, ien dy't God siket. Allegearre binne se ôfwykt, mei-inoar ûntaarde, gjinien dy't goeddocht, alhielendal net ien”, sjongt Psalm 14 (vgl. Rom.3,11.12). It is de Psalm dy't begjint mei de bekende wurden: “De dwaes seit yn syn hert: Der is gjin God” (oersetting Wumkes/Folkersma). Faaks is God der wol, mar Hy docht neat. Faaks docht Hy wol wat, mar dan neat dat opsmyt. Mar krekt as Iepenbiering 5 lit Psalm 14 ús ynstappe yn in gigantysk reuzerêd. Boppe hearre wy God itselde sizzen as de minske ûnder. God seit yn syn hert: “Der is gjin minske. Faaks is er der wol, mar hy docht neat. Faaks docht er wol wat, mar neat dat opsmyt”. In moderne dichter hat Psalm 14 sa oersetten:

Is it it hert dat seit:
der is gjin jo?
Of sjogge jo fan 'e himel
op jo bylden del en sizze:
net ien dat liket?

Better kin ik de spanning fan Iepenbiering 5 net útsizze. Minsken sizze: “God, wêr binne jo?” Mar God seit: “Minske, wêr bisto?” Minsken roppe: “God, meitsje myn djipste ferlangens dochs wier”. Mar God ropt: “Minske, meitsje myn djipste ferlangens dochs wier”. Minsken freegje: “Wannear sille Jo einlik ris dwaan wat wy fan in bytsje God ferwachtsje meie?” Mar God freget: Wannear silsto einlik ris dwaan wat Ik fan in bytsje minske ferwachtsje mei?” En salang’t God gjin antwurd krigen hat op syn fragen, sille wy ek gjin antwurd krije op ús fragen. “Ik moast der tige om skrieme”.

“Skriem net”, seit ien fan ’e fjouwerentweintich âlderlingen. Op ’e ierde en yn ’e himel klinke der wurden fan fermoanning yn it ferhaal fan Himelfeart. Op ’e ierde seinen twa toanielfeinten yn wite klean tsjin de alve apostels: “Jimme Galileeërs, wêrom steane jimme dêr nei de himel te sjen?” Yn ’e himel seit in âlderling yn wite klean tsjin dy iene apostel: “Skriem net”. Dêrboppe en hjirûnder wurdt der moanne jin net blyn te stoarjen op dat lege poadium foar dat tichte gerdyn. “Do tinkst: ‘Hy libbe noch lang en gelokkich. Mar ik dan?’ Sjoch no ris: de Liuw út ’e stam fan Juda, de sprút út David, hat oerwûn; dat Hy mei de boekrôle mei de sân segels iepenje”.

Dy boekrol, hielendal folskreaun, fan binnen en fan bûten, giet iepen. Gods plan mei alle dingen, mei himel en ierde, mei minsken en bisten, mei kultuer en natuer, mei ús en my giet troch. Want der is Immen dy’t ús wei gien is, dy’t oppakt hat wat ús by de hannen ôfbrutsen is en dy’t ús taak folbrocht hat. Sjoch ris: de Liuw út Juda!

Johannes sjen. Mar hy sjocht gjin liuw. Hy sjocht allinnich in Laam tusken dy oare fjouwer dieren ynstean. Hy sjocht allinnich in minske tusken dy oare fjouwerentweintich minsken ynstean. Hy falt hast net op tusken dy dieren en dy âlderlingen. Mar wêr’t sy machteleas stienen, hat Hy oerwûn. Net mei in soad machtsfertoan, mar mei machteleasheid. Hy hat him as in Laam nei de slachtbank bringe litten en sa de oarsaak fan ús ivige hunger en kommer, nammentlik de sûnde, weinaam (formulier foar it nachtmiel). Gjinn liuw, kening fan ’e dieren, mar in laam. Kristus, dier mei de dieren, skepsel mei de skepsels, minske mei de minsken, en sa dochs kening. Warleas, en krekt sa oermachtich.

Want wy sjogge dat Laam, ek al is it slachte, dochs stean. De Krusige is opstien. Mar tagelyks de Krusige bleaun. Want ek al sjogge wy dat Laam stean, it liket wol slachte. Je kinne noch sjen dat it de hals útsnien is. Sa bliuwt de Ferrizene de Krusige. Syn dea bliuwt de fermoedsoening foar ús sûnden. Dat Laam, dat yn ivichheid stean bliuwt as wie it slachte, is mei Himelfeart nei foarren kaam, doe’t God rôp, en hat de rôle oannaam út ’e rjochterhân fan Him dy’t op ’e troane sit.

De regearing fan 'e wrâld, it útroljen fan Gods heilsplan, de skiednis driuwe nei de nije himel en de nije ierde, dy taak leit yn 'e hannen fan in Laam dat stiet as wie it slachte. En dêrmei stiet de hiele skiednis yn it teken fan syn oermachtige warleazens.

De skiednis stiet yn it teken fan it krús. En de oanstjit fan it krús is ek de oanstjit fan 'e skiednis. De oanstjit fan it krús, dat is de fraach: Kin der fan Golgota wat goeds weikomme? Kin út dizze delslach de oerwinning weikomme? Dat is ek de oanstjit fan 'e skiednis. Kin út dizze brutsen skepping wat goeds weikomme? Kin út dizze gaos fan rampen en geweld in rjochtfeardige oarder weikomme? Kin it swakke fan God sterker wêze as de minsken?

As it Laam de segels iepenbrekt, giet de doaze fan Pandoara iepen. Hynders brekke út de boekrol los en geane as oaljefanten troch de diggelkast (6,1-8). Wy sjogge in fjoerread hynder draven, dat in ein makket oan 'e frede op 'e ierde. Wy sjogge in swart hynder draven en dy't dêr op siet hie skealjes yn 'e hân. De sosjale tsjinstellingen nimme ta: in deirantsoen weet foar in denaarje en trije deirantsoenen koarn ek foar in denaarje. In denaarje, dat is in deihier. It earste libbensferlet net te beteljen foar de gewoane man. En tagelyks: fergriem de oalje en de wyn net, lúkseprodukten dus. Wa't earm is, lit him noch earmer wurde. Wa't ryk is, lit him noch riker wurde. Wy sjogge in hynder draven, sa feal as de dea, dat de dea as kening hearskje lit.

Mar yn it leauwe sizze wy: boppe al dy ellinde sjogge wy in Laam stean, as wie it slachte. Wy sjogge de dea fan Jezus as kening hearskjen. Us leed wjerspegelet syn leed. Us wûnen syn wûnen. De apostel Paulus seit op ferskate plakken yn syn brieven: Wy wurde mear en mear ien lichem mei wat oan Jezus syn stjerren gelyk is (Rom.6,5), wy wurde mear en mear oan Him gelyk yn syn dea (Fil.3,10), wy drage alle dagen weroan it stjerren fan Jezus yn it lichem mei (2Kor.4,10). Mar dêr bliuwt Paulus net by stean. Want as wy ien lichem mei Him wurden binne troch wat oan syn stjerren gelyk is, dan sille wy dat ek wêze troch wat oan syn ferrizenis gelyk is (Rom.6,5).

God lit ús Jezus syn wei gean. Wêrom? As Kristus foar ús lit hat, wêrom moatte wy dan noch lije? Ik wit it net. Gods tinzen binne net ús tinzen en Gods wegen net ús wegen. Mar Gods wei is yn elts gefal net de wei fan 'e minste wjerstân. Gods wei is Jezus syn wei. In wei fan striid en fan besiking. In wei dêr't wy op beswike soenen, at wy net efkes achter de kûlissen sjen koenen.

Mar dat kinne wy al. Mei Johannes sjogge wy de poarte fan 'e himel waach en wiid iepenstean. Mei Johannes hearre wy in ingel mei in lûd as fan in kanon sizzen: "Kom omheech, hjirhinne, dan sil Ik dy sjen litte, hoe't it skielk komme moat" (4,1) Mei Johannes

sjogge wy in Laam stean, dat wol slachte liket. Ja, sjoch Him boppe jo libben stean, bruorren en susters. Sjoch om jo hinne mei Jezus op jo netflues. Rop syn byld by jo op, as it jo swart foar de eagen wurdt. Bid om iepen eagen en sjoch Him dwaande it plan út te fieren dat ek jo rêding betsjut. Wat Hy dien hat yn it ferline, sil ek jo takomst útmeitsje. Syn dea foar jo, dêr hoegden jo net by te wêzen. Mar syn libben foar jo, dat sille jo meimeitsje. Datst sjen silst hoe't Hy is: libben yn alle ivichheden. Datst wêze silst wêr't Hy is: by God yn alle ivichheden. Sjoch it foar dyn eagen barren. Dan giest fierder fan krêft ta krêft, om God te sjen op 'e Sion (Ps.84,8).

It reuzerêd, dêr't wy efkes yn sitte mochten, bliuwt net boppe stean. Wy moatte fierder, mei de beide fuotten op 'e grûn. Mar dochs ek in bytsje mei de holle yn 'e wolken. Want it Laam hat de rôle oannaam út de rjochterhân fan Him dy't op 'e troane sit. Kristus is begûn om alle kweade machten op te romjen. Hy is begûn om de looper foar dy út te rôljen.

Amen.